

*Dû, myn leave Swette,
ik draach dy troch de jierren by my,
yn al dyn hûzen haw ik wenne,
de lucht ynamme fan al dyn soargen,
dyn brea preaun, dyn laitsjen heard
en soms dyn skriemen.*

*As ik dy lâns rin
sjoch ik harren, de bidders fan âlds,
op 'e drompels, hja groetsje my
mei in ilige hân.*

*Dêr is it hûs, it pake en beppe hûs,
net mear myn hûs; ik kypje troch de glêzen:
de keamer dêr't ik berne waard,
frjemd folk; ik sjuch it oan har antlit:
wat wol dy âlde ûnbeskamme man?
Ik gean al.
By de bosksingel bliuw ik stean.
LINQUENDA stiet dêr op de boerepleats.*

Theun de Vries (1907-2005)

(Ut: 'Stins & Krite', útjûn by gelegenheid fan de 90-ste jierdei fan de skriuwer yn april 1997.)

J.J.:

BY IT FERS OP 'E FOARSIDE

It titelleaze fers fan Theun de Vries op 'e foarside komt út de bibliofile útjefte 'Stins & Krite' dy't yn april 1997 yn in oplage fan 110 nûmere en signearre eksimplaren útbrocht waard troch de Feanwâldster gelegenheidsútjouwerij 'De Looden Hel'. De bondel kaam út by gelegenheid fan de 90-ste jierdei fan Theun de Vries. De fersen fan de bondel skreau De Vries yn de hjerst fan 1996 op spesjaal fersyk fan de útjouwer.

Theun de Vries waard yn april 1907 berne oan De Swette ûnder Feanwâlden en brocht dêr syn earste bernejierren troch. De bân mei syn bertedoarp is altiten hecht bleaun en dat doarp hat yn syn proaza no en dan ek in rol spile. De fersen yn 'Stins & Krite' tsjûgje dêr ek fan, yn it bysûnder wol it fers oer De Swette.

Krekt doe't de kopij fan it foarige nûmer fan LYTS FRISIA opmakke waard troch Piter Dykstra, kaam it berjocht dat Theun de Vries op 21 jannewaris op 97-jierrige yn syn wenplak Amsterdam ferstoarn wie. Radio, televyzje en kranten hawwe rom omtinken oan syn ferstjerren jûn.

Theun de Vries wie in alsidich en tige produktyf skriuwer. Hy hat sa'n 170 titels op syn namme yn ûnderskate sjenres. It meast bekend waarden syn romans, bygelyks 'Stiefmoeder aarde' (1936). Twa romans waarden troch de KFFB yn in Fryske oersetting útbrocht: 'Styfmem ierde' yn 1994 en 'De soldaat dy't weromkaam' yn 2003. De boekeklub brocht noch twa Fryske oersettings fan wurk fan De Vries út: de ferhalebondel 'Paden fan it ferline' (1997) en it ferhaal 'De Bearejacht' (1997) as in lytse stek-yn-'e-bûse.

De Vries skreau syn proaza altiten yn it Hollânsk, mar foar syn fersen lei dat oars. Syn bêste gedichten skreau er yn syn memmetaal. Trije kear ferskynde der in bondel yn it Frysk: 'Earst en lêst' (1977), 'Snie en oare gedichten' (1981) en 'Stins & Krite' (1997). Ferline jier kaam yn juny in twatalige bondel mei 70 fersen fan De Vries út mei as titel 'Alles begjint by de dingen / Alles begjint bij de dingen'. De ek yn Amsterdam wenjende Jabik Veenbaas makke de Hollânske oersetting fan de fersen.

J.J.:

FAN DE REDAKSJE

Op de efterste side wurdt altiten foar elk nûmer de uterste datum neamd, wannear't de kopij ynlevere wurde moat. Yn ferbân mei it op e tiid ferskinen fan LYTS FRISIA moat ik my oan dy datums hâlde. Ik set it hiele nûmer op myn kompjûter en dan giet alles nei Piter Dykstra yn Waskemar. Hy makket ús blêd op en hat eare fan syn wurk, want oer de útfiering fan de lêste nûmers krije wy in soad komplimintsjes. Mar dat opmeitsjen ferget ek syn tiid en dan moat it nûmer noch 'printe' wurde. In pear dagen nei it ôfsluten fan it foarige nûmer krige ik noch kopij binnen. Dy wurdt yn dit nûmer meinommen. Dat is ek de reden dat no in fers as 'Winterske neimiddei' opnommen is, wylst dat om de ynhâld better yn it maart-nûmer past hie. Dêrom nochris de fraach: stjoer de kopij op 'e tiid op. Foar it folgjende nûmer is de datum: foar 15 july. Kopij hawwe wy nedich en wy soene graach mear ferskaat hawwe wolle. Dus: pak

de pinne ris op!

Prodi op it Provinsjehûs

Yn de Jeropeeske Mienskip wie oupraet, dat alle lannen har jildtokoart binnen biskate grinzen hâlde soenen. Op it net neikommen fan dy ouspraek wie in fikse boete set. Dútsklân, Frankryk en Itaalje houden har net oan de ouspraek en wienen ek net fan doel om de boete to biteljen. Gjin probleem: de ministers fan finânsjes prate in pear dagen en komme mei in bystelde ouspraek, s dat de trije saboteurs frijút geane.

Jaep Vergonet

Dan komt de Jeropeeske commissaris Prodi optein oan mei it forhael, dat it folle better is om in ouspraek to meitsjen, dy't eltsenien neikomt, as fêst to hâlden oan in ouspraek, dy't dochs net neilibbe wurdt. Neat op tsjin, as de trije kweadoggers har boete kreas bitelje, mar dêr heart men Prodi net oer reppen.

Nayf om to tinken, dat hjir eat net doocht. It wurd "commissaris" is oulaet fan it Latynske tiidwurd committëre, dat bitsjuttingen hat as "tabitrouwe" en "bitrouwen jaen", mar dat likegoed "kwea bigean", "it safier komme litte, dat" of "in straf oprinne" bitsjutte kin.

Nayf om to tinken, dat hwat Prodi útfret op ús provinsjehûs gjin kâns meitsje soe. Fjouwer jier lyn rapportearre de ynspeksje, dat minder as in tredde fan de basisskoallen de wetlik foar it Frysk fêstleine doelen helle. It heucht my net, dat sawn op 'e tsien forantwurdlike "directeuren" op it matsje roppen binne, yn har salaris koarte binne, of - sa't it yn in ûndernimming giet - forfongen binne. Yn goed oerliz mei de deputearren, mar yn striid mei it net ouwachte

bislút fan de provinsjale steaten hat ús commissaris de hân set foar it to neate meitsjen fan de lykweardigens fan it ûnderwiis yn it Frysk oan dat yn it Hollânsk. Ik doar wedzje, dat de provinsjale steaten net safolle helm hawwe, dat se sizze sille: "Commissaris en deputearren, jimme bûten jim boekje gongen; breidzje de saek mar wer rjocht of wy sille - sa't it yn in dualistysk systeem heart - jimme forfange."

De lêzers sille har fornuverje oer de stavering dy't ik brûk. Wel, doe't de provinsjale steaten har it rjocht taeigenen om to bislissen, hoe't it Frysk skreaun wurde moat, haw ik my oufrege, oft dat rjocht to rymjen wie mei it nei de kloaten helpen fan de Fryske Kultuerried en it Frysk Orkest, it ûnteigenjen fan de AFUK en de skiterige stipe foar it Frysk. My tocht fan net en it forkwânseljen fan de Fryske Akademy hat my ek net op oare gedachten brocht.

De earste stavering, dy't ik ûnder eagen krige, wie dy fan de oarde printinge fan de Rimen ind teltsjes fen de brorren Halbertsma. Wy hienen ek wol in nijere útjefte, mar ús mem weage ljouwer dat âlde min to ûntsiferjen boek oan myn foarnim-

men om sels Frysk lêzen to learen. Letter bin ik wend rekke oan de sel-skipstavering, dy't it oant nei de oarloch úthouden hat. Uteinliks haw ik it skriuwen fan Gerrit Dykstra leard yn de neioarlochske stavering en dat barde dan yn d earste ûre fan de sneontomiddei, dêr't it Frysk ynroastere wie om it safolle mooglik to dwersbomen. De iennichste foroaring, dy't ik nei dy tiid yn myn stavering oanbrocht haw, is dat ik bitreklik nije lienwurden sa ticht mooglik by de boarne staverje, bygelyks "computer". Prodi yn it provinsjehûs

Yn de Jeropeeske Mienskip wie oupraet, dat alle lannen har jildtokoart binnen biskate grinzen hâlde soenen. Op it net neikommen fan dy ouspraek wie in fikse boete set. Dútsklân, Frankryk en Itaelje houden har net oan de ouspraek en wienen ek net fan doel om de boete to biteljen. Gjin probleem: de ministers fan finânsjes prate in pear dagen en komme mei in bystelde ouspraek, s dat de trije saboteurs frijút geane. Dan komt de Jeropeeske commissaris Prodi optein oan mei it forhael, dat it folle better is om in ouspraek to meitsjen, dy't eltsenien neikomt, as fêst to hâlden oan in ouspraek, dy't dochs net neilibbe wurdt. Neat op tsjin, as de trije kweadoggers har boete kreas bitelje, mar dêr heart men Prodi net oer repen.

Nayf om to tinken, dat hjir eat net doocht. It wurd "commissaris" is oulaet fan it Latynske tiidwurd committere, dat bitsjuttingen hat as "tabitrouwe" en "bitrouwen jaen", mar dat likegoed "kwea bigean", "it safier komme litte, dat" of "in straf oprinne" bitsjutte kin.

Nayf om to tinken, dat hwat Prodi

útfret op ús provinsjehûs gjin kâns meitsje soe. Fjouwer jier lyn rapportearre de ynspeksje, dat minder as in tredde fan de basisskoallen de wetlik foar it Frysk fêstleine doelen helle. It heucht my net, dat sawn op 'e tsien forantwurdlike "directeuren" op it matsje roppen binne, yn har salaris koarte binne, of - sa't it yn in ûndernimming giet - forfongen binne. Yn goed oerliz mei de deputearren, mar yn striid mei it net ouwachte bislút fan de provinsjale steaten hat ús commissaris de hân set foar it to neate meitsjen fan de lykweardigens fan it ûnderwiis yn it Frysk oan dat yn it Hollânsk. Ik doar wedzje, dat de provinsjale steaten net safolle helm hawwe, dat se sizze sille: "Commissaris en deputearren, jimme bûten jim boekje gongen; breidzje de saek mar wer rjocht of wy sille - sa't it yn in dualistysk systeem heart - jimme forfange."

De lêzers sille har fornuverje oer de stavering dy't ik brûk. Wel, doe't de provinsjale steaten har it rjocht taeigenen om to bislissen, hoe't it Frysk skreaun wurde moat, haw ik my oufrege, oft dat rjocht to rymjen wie mei it nei de kloaten helpen fan de Fryske Kultuerried en it Frysk Orkest, it ûnteigenjen fan de AFUK en de skiterige stipe foar it Frysk. My tocht fan net en it forkwânseljen fan de Fryske Akademy hat my ek net op oare gedachten brocht.

De earste stavering, dy't ik ûnder eagen krige, wie dy fan de oarde printinge fan de Rimen ind teltsjes fen de brorren Halbertsma. Wy hienen ek wol in nijere útjefte, mar ús mem weage ljouwer dat âlde min to ûntsiferjen boek oan myn foarnimmen om sels Frysk lêzen to learen.

Letter bin ik wend rekke oan de sel-skipstavering, dy't it oant nei de oarloch úthouden hat. Uteinliks haw ik it skriuwen fan Gerrit Dykstra leard yn de neioarlochske stavering en dat barde dan yn de earste ûre fan de sneontomiddei, dêr't it Frysk ynroast-

ere wie om it safolle mooglik to dwersbomen. De iennichste foroaring, dy't ik nei dy tiid yn myn stavering oanbrocht haw, is dat ik bitreklik nije lienwurden sa ticht mooglik by de boarne staverje, bygelyks "computer".

Anneke Jousma:

OANTINKENS OAN US HEIT (VIII)

(Anne Jousma: 1900-1981)

't Is de 10e maaie 1940. Prachtich moaie foarjiers- of eins simmerdei. Blauwe loft, fûgeltsjes fluitsje... mar dy lûdsjes ferdwine yn in ûnhúslik gebolder boppe ús hollen (de holtsjes fan in 10-jierrich famke en har 5-jierrich suske). "Dat binne fleanmasines," sei ús heit en ja hear, hiele grutte en sa tichteby...

't Is de 10e maaie 1940. Prachtich moaie foarjiers- of eins simmerdei. Blauwe loft, fûgeltsjes fluitsje... mar dy lûdsjes ferdwine yn in ûnhúslik gebolder boppe ús hollen (de holtsjes fan in 10-jierrich famke en har 5-jierrich suske). "Dat binne fleanmasines," sei ús heit en ja hear, hiele grutte en sa tichteby... 'k Sjoch noch ús mem dwaande mei it oanklaaien fan myn suske, wylst der bûten sa'n lawaai is. Op 'e radio hearden wy, dat Dútslân ús lân besette soe en... "Dat betsjut oarloch," sei heit. Al gau kamen de minsken út de strjitte nei bûten om dat aaklike nijs meiinoar út te wikseljen. (Wy soene dochs neutraal bliuwe net?) En fier nei it westen rjochting Ockenburgh seagen wy parasjuten nei ûnderen kommen. No, dat wie wol tige nuver en ûnwerklik! Letter kuiere ik mei ús heit op de Laan van Meerdervoort en doe wiene der Dútske militêre auto's en soldaten. Ik

hear heit noch sizzen: "No, dy sille hjir net lang bliuwe," of sokssawat. Dus, ik tocht ek: 't Is allegearre net sa slim, it falt wol ta. Mar dat is wol oars útpakt... Fan dy fiif oarlochsdagen wit ik net folle mear as allinne it prachtich moaie waar en wy boarten wat yn 'e tún. Wat my noch wol heucht: 'k ha myn 'lytse' suske krekt yn dy dagen toutsjespringen leard. Heit hat dêr mei syn Voigtlânder in kykje fan makke... Fan de earste oarlochsjierrin kin ik net folle bysûnders fertelle, dy gongen foar ús bern syn gewoane gong. Yn de rin fan de tiden barden der frjemde dingen, lykas it ynleverjen fan fytsen, radio's, sulveren en gouden munten en tinnen fazen ensfh. O ja, dat famke fan 10, dat ik doe wie, hie ynienen in grut skuldgefoel... want se wie o sa yn 'e besnijing fan it lêzen yn it algemien en yn 't bysûnder fan 'Alleen op de wereld' fan Hector Malot. En... dêr lies se stikem yn as

heit en mem tochten, dat se leaf lei te
sliepen... Ja fansels, noch by deiljocht,
want as bern leine wy der betiid yn, ik
tink om sân oere hinne. Mar it moaiste

komt noch: doe't de oarloch útbriek,
tocht ik: O, sjochst wol, dat komt om-
dat ik op bêd oan 't lêzen wie! Dat
mocht net fansels en no dizze straf...

☆ Yk begjin mei in flater dy't wy yn it foarige nûmer makke hawwe. Ik kundige it ferskinen fan de roman 'De Brek' fan Gerben Abma (1932) oan by de Koperative Utjouwerij (Q). By fersin hat ús opmaakredakteur by dat stikje in ferkearde foto fan ynternet helle. It wie gjin foto fan Gerben Abma, mar fan syn ek skriuwend broer Willem Abma. Us ekskús foar dat fersin. De roman fan Abma wie by de gearstalling fan dit nûmer noch net tkommen, mar is noch hieltiten ûnderweis.

☆ By de Afûk/Utjouwerij Fryslân ferskynde begjin dit jier in 264 siden tellende roman fan Wilco Berga. Dy hat as titel 'Eilândochters' en spilet foar in part op Skylge. Wilco Berga is net allinne skriuwer en dichter, hy is ek byldzjend keunstner. Meast resint ferskynden fan him de twatalige fersbondel 'Eilânliet/Eilandlied' (2000) en de roman 'It portret' (2002).

☆ De Kristlik Fryske Folksbibleteek (KFFB) brocht yn maaie de roman 'It testamint' út fan de yn Ljouwert wenjende skriuwer Lieuwe Pietersen. Hy debutearre as romanskriuwer mei twa Hollânske romans en dêrnei stapte er oer op it Frysk. 'It testamint' is de seisde Fryske roman fan Pietersen.

☆ Yn de Doku-rige fan de Koperative Utjouwerij (Q) ferskynde yn jannewaris in nijsgjirrich boek foar leafhawwers fan Fryske literatuer. De útjefte hat as titel 'Douwe Kalma yn piama' en as ûndertitel 'en oare stikken oer de Fryske literatuer'. Dy stikken binne fan Doeke Sijens, bibliotekaris by de Iepenbiere Bibleteek yn Grins. Troch sneupwurk is er hiel wat nijsgjirrige saken op it spoar kommen. De titel ferwiist nei de skriuwer oan wa't Sijens gâns omtinken jout: Douwe Kalma. Mar ek skriuwt er oer in oare Jongfries: Anne Jousma. Fierder binne yn de mânske bondel stikken oer it wurk fan ûnder oare Tsjibbe Gearts van der Meulen, Waling Dykstra, de fergetten J.S. van der Steegh, Obe Postma, Reinder Brolsma, Douwe Kiestra, Anne Wadman, Piter Terpstra en Hylkje Goinga opnommen. Mar de bondel biedt noch folle mear nijsgjirrige saken, lykas bygelyks in stik oer de Fryske romans oer de oarloch. Foar leafhawwers fan literatuer is dizze útjefte in oanwinst.

☆ Yn de rige Shakespeare-werútjeften brocht útjouwerij Bornmeer in nij diel út: 'Sonnetten fan Shakespeare' yn de oersetting fan Douwe Kalma. Yn 2003 ferskynden yn dy rige de troch Douwe Kalma oersette Shakespeare-stikken 'Kening Lear' en 'Trije komeedzjes'.

☆ By gelegenheid fan de Fryske Boekewike brocht de Friese Pers Boekerij in mnske roman fan mar leafst 400 siden fan de produktive Durk van der Ploeg op 'e merk. De titel is: 'Iishilligen'. In soad romans fan Van der Ploeg spylje yn Dongeradiel. Dat is no ek wer it gefal, want dit ferhaal spilet him ôf yn en om it Bandtshûs ûnder Eanjum.

☆ Ik eindigje dit oersichtsje mei in nijgjirrich boek-je oer in ferneamde Fries, dat yn it Hollânsk ferskynde. Op 30 maart wie it 1200 jier lyn, dat de Fries Liudger (742-809) ta earste biskop fan Munster beneamd waard. Yn it kader dêrfan waard troch de parochy fan Balk in boekje útbrocht oer it libben en wurk fan Liudger. It waard gearstald troch Rinus Hendriks en hat as titel: 'SINT LUDGERUS: Missionaris en zwoeger voor de Heer'. Dat de Balkster parochy ta útjefte kaam, hat syn reden. Liudger wie ûnder oaren de patroanhillige fan dizze parochy. De Roomske tsjerke fan Balk hyt dan ek Ludgerus-tsjerke. It boekje kin telefoanysk besteld wurde by de tsjerke: tel. 0514-602163.

21 jannewaris 1904
21 jannewaris 2004

*Ik seach har wer... ús mem.
Hoe lang wie it lyn... ik wit it no:
in hiele ieu...*

*'k Lei krekt op bêd en wekker.
Dêr kaam se oan, sa moai.
'k Seach har mei myn eagen ticht.*

*En efter har leave gesicht
kaam ek ús beppe tichterby.
Tegearre seagen se my oan.*

*De moeting wie yn tiid net lang,
mar yn 't koart sa djip.
De krêft derfan is noch yn my.*

*En letter, by it rizen fan de nije dei,
sei de kalinder, wat der wie:
Har bertedei krekt hûndert jier.*

(Anneke Jousma)

De Burgumer L.C. Spithost woe yndertiid, yn de tachtiger jierren, noch wolris wat dwers wêze en dan frege er om in Hollânske oersetting fan in Twiebaksmerk-tekst, dy't er oars wol lêze koe. "It Provinsjehûs woe allinne fergees in oersetting fan in Frysk stik jaan as it giet om direkt belanghawwenden fan bûten Fryslân of om guon dy't noch gjin twa jier yn Fryslân wenje." (R. Straatsma) Dat Spithost kaam by DS oan 'e winige doar.

<p><i>B.J. Postma</i></p>	<p><i>trof ik syn namme yn</i></p>
<p><i>De Burgumer sette lykwols troch en kaam by de Hagemer Steatsrie út. Dat Hege Kolleezje wie fan betinken, dat it Hollânsk de foar it rjochts- en bestjoerlik ferkear oanwiisde taal wie. Dêr wie it spul mei út en hie Spithost de slach wûn. In nije taalwet moast letter útrêding bringe.</i></p>	<p><i>it Frysk Studinte Almanak oan. Dêr stie er trijeris yn as lid fan it Uterter selskip Redbad. De earste kears wie "e 51 V" oan syn namme taheakke. It jiers dêroan "e 51 Thk" en jitris it-selde de lêste kears. (Almenak) De "e" slacht op 'e Ryks HBS Ljouwert, dêr't LCS syn eineksamen oan dien hawwe sil, "51" stiet foar 1951, it begjinjier fan syn stúdzje, "V" betsjut feedokter en "Thk" toske-</i></p>
<p><i>De man wie wol feroare, want syn begjin lei oan ús kant, sil ik mar sizze. Ferline jier</i></p>	<p><i>it Frysk Studinte Almanak oan. Dêr stie er trijeris yn as lid fan it Uterter selskip Redbad. De earste kears wie "e 51 V" oan syn namme taheakke. It jiers dêroan "e 51 Thk" en jitris it-selde de lêste kears. (Almenak) De "e" slacht op 'e Ryks HBS Ljouwert, dêr't LCS syn eineksamen oan dien hawwe sil, "51" stiet foar 1951, it begjinjier fan syn stúdzje, "V" betsjut feedokter en "Thk" toske-</i></p>

dokter. LCS is foar feedokter begûn te learen, mar nei in jier waard er dochs mar leaver tosk-en kieslûker. Ik wit net, oft er ea eksamen dien hat en minsken fan 'e pinemûle ôf holpen hat. Ik wit wol dat er neitiid as skoalmaster oan de Burgumer mafû foar de klasse stien hat. Hy moat in wat teloarsteld man wurden wêze dy't him syn eigen nocht oan oarmans ûnnocht oanwûn hat en wol nea wer de bekearing ta wat libbensnocht krije sil.

Troch de wei fan de Bewegingsrie krige ik fan de âld-kranteman K. Huisman in stik yn-ternettekst ûnder eagen fan 'Onze Taal', dêr't it Hollânsk mei bedoeld waard. Fan in Jansen

stie dêr de stelling yn: it ûnderwiis yn ús skriuwtaal moat beheind wurde. De bern rekken efterop, hie er lêzen. No hoegde it taallearen net ôfskaft te wurden, mar it skriuwûnderwiis wie yn hannen fallen fan 'taalsentimentalisten', dy't it mear om statusferheging fan 'e taal gean soe as om 'e bern. Mear as tûzen tekstlêzers giene op 'e stelling yn. LCS wie ien fan dyen. It wie krekt wat foar de Burgumer kowesturt, dat op 2 oktober fan ferline jier die er syn sint yn it ponkje.

Syn âldsear siet djip. De krimmenaasjes giene wer oer de oersettings fan Fryske stikken fan provinsjale en gemeentlike oerhe-

den, dy't net fuort foar him klear stiene. "Ik voer hierover al sedert 1980 procedures." No't de wet feroare is, besiket de man út te finen, hoe't it fierder moat. De lêste kears dat it foar him misrûn, gie in oersetting oan dy't fjouwer moanne ûnderweis west hie, wylst doe de mooglikheid fan ynspraak en ferwar ferrûn wie. "Zal worden vervolgd," kundige er fol fan wraaksucht oan. De Burgumer Don Quichotte koe net heal sûnder wynmûnen.

Skriuwt men oer ús maat, oer de duvel, dan is dy ornaris tichteby. It wie yn it gefal fan dit stikje ek wer sa. De deis

fan Trijekeningen kaam de âlde grize grauwe yn 'e krante. Hy hie de skriuwerij fan de lêste 24 jier oer de striid mei de Twiebaksmerk op 300 siden 'digitalisearre', dat sil wol betsjutte 'op it ynternet skreaun'. De striid wie yn 1980 oangien en yn 1992 wat bedarre. De krante fernijde de lêzers it âlde nijs noch mar ris. (Ljouwerter Krante)

R. Straatsma: Frysk yn it offisjele ferkear, De Pompeblêden 63 (1992) nûmer 6 en 64 nûmer 1.

Frysk Studinte Almanak, 1952, 1953 en 1954.

Ljouwerter Krante, 'Gehoord en gezien', 6-1-2005, side 14.

MYN HISTOARJE

Gauris waard my frege wat ik yn de oarloch, de besettingstiid en nei de befrijing meimakke ha en dat sil ik tige yn 't koart hjir efkes fertelle. Nei myn eineksamen gymnasium yn Utert gong ik nei de universiteit foar in stúdzje Nederlânsk mei de nedige byfakken. Dat duorre ien jier, oant ik yn 'e hjerst fan 1939 mobilisearre waard. Ik siet doe earst yn it prachtige Alkmaar, dêrnei yn Amersfoort - dêr krige ik in oplieding ta motorordonans - en kaam dêrnei telâne yn de Grebbeliny. Nei de striid kaam ik yn fort 'De Klop' by Utert en nei de 'frede' moast ik dêr as finzene bliuwe om letter oerpleatst te wurden nei de Hojelkazerne yn Utert, oant wy frijlitten waarden. Ik gong wer fierder mei myn stúdzje.

Marten Sikkema

1941-1942 wie dus myn tredde stúdzjejier en ik koe noch krekt myn kandidaatseksamen dwaan, foar't de studinten de saneamde loyaliteitsferklearring tekenje moasten. Ik die dat fansels net en mocht dus net fierder studearje. Yn dy dagen kaam de Dútske SD ek noch by ús oan de doar om my op te heljen fanwegen myn meiwurking oan it yllegale studintebled 'Lichting' (Utert/Amsterdam), dêr't twa maten fan my om arrestearre wiene. Hja hawwe tiden fêstsitten en binne op it lêst mei help fan in Dútske advokaat frij kocht. Ik wie aldergeloks net thús en ús mem makke de mannen wiis, dat ik al yn Dútslân oan it wurk wie. Letter kaam der noch in oprop foar my ta de 'Arbeitseinsatz' foar alle mannen fan myn jierren, mar doe wie ik al net mear thús. En folle letter noch ien, dat ik my melde moast as eks-militêr, mar dy hat ús mem fuortsmitten. De lêste moannen dat ik noch thús wie, waarden fan ús hûs yn Túndoarp Maartensdijk (no troch Utert anneksearre) troch

Dútsers twa keamers foardere oan Ernst Loewe, dy't yn Utert wurk hie by de 'Kartenstelle' (topografyske tsjinst); hy woe der lykwols mar ien brûke en ferûntskuldige him ek noch! Hy koe as militêr gjin promoasje meitsje, hoewol't er yngenieur wie, want hy wegere lid fan de 'Partei' te wurden. Wy moasten ús radio ynleverje, mar ik hie aldergeloks noch gau in lytsen-ien oankocht. Loewe wenne op myn keamer en dêr stie dy radio efter de boeken. Mei Loewe haw ik der wol nei harke. Ik wie dus nei de besite fan de SD ûnderdûkt, earst in skoftke yn Gelderlân mei myn neef Johan Koopmans, letter mei deselde troch famyljerelaasjes yn Fryslân. Dêr haw ik fan alles belibbe, moai en minder moai, bin trije kear hast snipt troch de besetters.

In skoft nei myn ferdwining waard myn broer Jan oppakt fanwegen de 'Arbeitseinsatz'; hy moast nei Tsjechie om wurk te fer-setten by Skoda, dêr't doe geskut makke waard foar de Wehrmacht. Hy hie lykwols fan Loewe it adres fan dy syn frou yn Dresden mei kri-gen en stapte yn Dresden út de trein

om by de Loewes, frou en bern, ûnder te dûken. Hy is ûntkommen oan it skriklike bombardemint en werom skarrele nei Nederlân. Us mem moast, wylst Jan en ik fuort wiene en inkeld broer Sjors noch by har thús wie, ferhúzje nei Rijswijk, om't in Haachsk amtner mei syn húshâlding yn har hûs kaam; guon departeminten waarden nei oare plakken oerbrocht. De amtner is by it opheljen fan molke yn dy kusten troch granaatskerven rekke en stoarn. Nei in skoft waarden de wenten wer omwiksele.

Nei de befrijing bin ik mei keunst- en fleanwurk nei Rijswijk skarrele en dêrwei foar ús mem nei Utert reizge foar jildsaken: ús mem

die dy altyd by de bank, dêr't ús heit direkteur fan west hie oant syn dea yn 1933. Doe't ik by de baly myn namme sei, skrok de man efter it lúkje en naam de telefoan. Efkes letter ferskynde de direkteur, opfolger fan ús heit. Hy rûn nei my ta, woe gjin hân jaan en frege mei in lilke kop: "Zo, ben je nog op vrije voeten?" Ik wie wat ferbjustere: "Hoe bedoelt u?" Hy reagearre mei: "De politie heeft je dus nog niet opgepakt! Nou, dat wordt dan wel tijd!" Ik woe noch wat werom sizze, mar wist sa gau net wat. Hy seach my noch efkes lilk oan, draaide him doe om en sette mei stive passen wer nei syn kantoar ta...

Bertus Postma:

Tefreden Tribune

De Provinsjale Wurkgroep Frysk yn it Leger Underwiis hat de taaleasken-Frysk op 'en nij besjoen. Mei de selsbetochte easken komt de groep benammen de ientalige bern fier oer de helte temjitte: as se ús mar sa'n bytsje ferstean wolle en ús net útgnize. Op dy foet komme de learlingen fansels allegearre mei njoggens en tsienen thús en mist it 'kennisse is macht' alle glâns. Universiteit en Hegeskoalle kleie no al hûndert út.

Hoefolle Hollânske húshâldings ferfarre net alle jierren nei Deenske, Dútske en oare taalmienskippen? Rekkenje mar net, dat de bern in Hollânsk pratende skoaljuffer en -master foar de klasse treffe. Hokkerjiers ferfear in omkesizzer mei man en bern fan Gelderlân nei Texas en ferline jier dêr wer wei nei Dútslân ta. In pear fan de bern moasten earst oan it Ingelsk en no oan it Dútsk. Hoe oars leit te uzes it lân foar de ientalige bern. Wurde dy hjir net yn 'e grûn bedoarn en bliuwe se dêrtroch gjin analfabeten?

Yn it lân fan dream en winsken is in proef dien mei Ingelske les apart foar swarte Afro-Amerikaanske bern. Nei in moanne as wat koene de learlingen de taal al folle better lêze en skriuwe. Der is ek wurk foar de steateleden. Hokkerjiers wie it biedwurd 'it Provinsjehûs út, de provinsje yn'. Lit de twataligen in moanne 'frij' nimme - lykas de Ljouwerter boargemaster - en deropút gean. Steateleden, kundich folk, besteklike praters en betûfte sprekkers, meie bysteat

achte wurde, om skoallen en âlden, CHN en NHL (ûnderwizersopliedings) te bepraten.

De tsiende fan maart woe de steatekommisje Boarger en Mienskip neat op 'e taaleasken-Frysk falle litte. (LC 11 maart) Dat soe in stap tebek wêze nei it dogma fan de lykweardigens en lykberjochting fan beide talen. (1985) De groatfolle tribune wie tefreden.

It boppesteande, de 14-e nei de Ljouwerter tastjoerd, wie de 23-ste noch net opnommen. Ik nim no mar oan, dat de redaksje it yn syn net te befiemjen wiisheid te min achte foar syn foarname kwaliteitskrante. Oars soe ik it ek al net betinke kinne. De proef yn de tredde alinea koe ik de boarne net by neame om't dy yn it Deiblêd stie fan 8 maart. ('Pleidooi voor apart onderwijs voor zwarte leerlingen') De lytse konkurrint skreau, dat de lê- en skriuwfeardigens fan dy bern yn in pear moanne al 12 persint better wurden wie.

Yn Beirût koene se wedzje, hokker fan beide kanten, pro- en kontra-Assad, it measte folk op 'e dyk krije koe. 'Pro' kaam op in heal miljoen, 'kontra' op krapoan in miljoen. Druzen en kristenen hiene it wûn. Wy koene sa net, dy 10-de fan maart, by de kommisjegearkomste: it Provinsjehûs is eins wat te lyts foar in heal miljoen minsken.

Hiene se yn Beirût folk ta de demonstraasje noege, hjir moast folk keard wurde. Der stie in tribune klear fan 48 stuollen, dat wy kamen mei in 60 frou/man oansetten. Krapoan 60 pommeranten ('en enkele particulieren', neffens de Ljouwerter fan de oare deis), foaroanfolk fan Bewegingsrie, Frysk-nasjonaal, F.F.U., Te Mâl en Frysk Fryslân, pronkje fan ús lân. Safolle foarname lju, dy't oars as oars, ek noch ienriedich wiene. It wie in eachweid. En de kommisje song suver fan 'swiid is de pracht'.

De gearkomste hie it oer it produkt fan in provinsjale wurkgroep-Willemsen, 'Herzienting Doelstellingen Fries in het P.O.' It wie alhiel yn it Hollânsk skreaun. Wiene it dan allegearre ientaligen yn de wurkgroep? De foarsitter Willemsen prate Frysk, al kaam er hjir net wei. Tige! Mar de oaren? E. Goodijk, J. Bangma, S. de Jong, frou L. Flapper, Th. Dijkstra, Jeh. Ytsma, hoe koene dy in ferslach ûnderskriuwe yn it jin ûnderdrukkende Hollânsk? Se hawwe dochs gjin nasjonale minderheid fan ús makke op betingst, dat wy oergean soene op 'e nasjonale mearheidssprake?

Ien en oar makke de kommisje neat út. Mar fan de tribune en wat ynspraak dreaun en droegen, hold er wol ús kant: ús Frysk wie gjin stoer minder as dy oare taal, ús Frysk koe net mei minder taaleasken yn it P(rimaire) O(nderwijs) ta as dy oare taal. En seis dagen neitiid rôp de steategearkomste itselde. Earme deputearre dy't oars alhiel gelyk hie mei syn sizzen dat de besteande, sterke, taaleasken it taalferfal op skoalle net keare kinne soene. Dêr lei hy him by del, de steaten woene en wolle oars.

NEISKRIFT. Fjouwer dagen nei de Boarger en Mienskip-kommisjegearkomste fan de 10-de stjoerden sân leden - fan CDA, PvdA, FNP, VVD, GrienLofts, KU/SGP en D66 elk ien - in briefke oan de steatefoarsitter: "Nei oanlieding fan de behandeling fan de notysje 'Herziening doelstellingen Fries in het P.O.' (...) hawwe wy oangeande (...) de Steategearkomste d.d. 16 maart o.s. it folgjende fersyk:

- (...) de notysje hjoed net fêststelle, net behannelje (...) omdat de notysje sa net beslútryp is; dêrfoar yn it plak dit brief oan de foarsitter cq dizze opdracht oan de deputearre behannelje.*
- (...) De steaten jouwe in helder sinjaal oan de Minister en de Twadde Keamer as it giet om de kearndoelen. De Fryske Steaten hâlde dêrby fêst oan in prinsipiele lykberjochting fan beide rykstalen yn it primêr ûnderwiis.*
- De steaten fersykje de deputearre yn de rin fan it jier te kommen mei in nije yntegrale beliedsnotysje, dêr't de wize wêrop de Provinsje stâl jout oan de konkrete útfiering fan de kearndoelen yn it PO (basisûnderwiis) yn beskreaun wurdt. (Soe*

Tweintich Jier Lesjouwer foar Friezen om Utens

Sûnt 1985 jout Jelle Yntema fan Bussum Fryske kursussen yn syn wenplak of yn de omkriten dêrfan. Alle jierren hat er kursisten, sawol foar de ûnderskate Afûk- kursussen as foar kursussen, dy't er sels gearstalt en ôfstimt op de fraach fan de dielnimmers. Jelle Yntema waard yn 1930 yn Wytmarsum berne. Nei syn HBS-oplieding yn Harns krige er in baantsje op it gemeentehûs yn syn berteplak. Dat foldie him net sa bot en dêrom gong er wer oan 'e stúdzje: hy learde foar skoalmaster troch yn 1955-1956 in saneamde 'spoedkursus' te folgjen. Nei in pear tydlike baantsjes yn Fryslân krige er in fêste baan as ûnderwizer yn Weesp. Yn 1960 waard er ûnderwizer yn Bussum, dêr't er him daliks oanmelde as lid fan de Fryske krite 'It Pompeblêd'. Dêr hat er ûnderskate bestjoersfunksjes hân en is no al wer jierren skriuwer en de lêste tiid ek noch waarnimmend foarsitter.

Jan Jongsma

It wurk foar de krite en it jaan fan Fryske kursussen is bêst te kombinearjen. Troch de krite krige er kursisten en oarsom barde ek: minsken dy't by him kursussen folge hawwe, waarden lid fan de krite. "It mes snijt dan oan twa kanten," seit Yntema. "Fan myn kursussen hat de krite foardiel. 'It Pompeblêd' hat twahûndert leden en in fjirdepart dêrfan bestiet út minsken, dy't de kursussen foar net-Frysktaligen by my folge hawwe.

Twa dêrfan sitte yn it bestjoer en binne och sa aktyf. Wy hawwe hiel wat aktive leden by de krite, dy't út myn kursusrûnten wei komme."

Yn 1985 waard Yntema lesjouwer by de Afûk. Hy kaam yn 1984 op wachtjild, om't der op de Bussumer legere skoallen tefolle learkrêften wiene. "Ik wie noch mar 54 jier en woe al wat te dwaan hawwe. Ik bin doe útein setten mei de stúdzje foar de legere akte. Letter ha 'k noch de MU-A akte Frysk helle. Yn 1985 koe 'k hjir mei in Afûk-kursus foar net-Frysktaligen útein sette. Sûnt dy tiid ha 'k alle jierren kursisten hân, yn guon winterskoften wol fjouwer of fiif groepen tagelyk."

Troch de jierren hinne hat er in ferskaat oan kursussen jûn: net allinne kursussen foar net-Frysktaligen, mar ek de A-, B- en C-kursussen. Boppedat joech er konversaasjelessen en wie op ûnderskate plakken yn it Gooi begelieder fan boekbesprekgroepen. "As ik net genôch kursisten haw foar in Afûk-kursus, dan doch ik it privee en jou les oan lytse groepkes fan fjouwer of fiif dielnimmers. Wy komme dan by immen oan hûs byelkoar. Ik fyn it sneu foar de minsken as se har oanmeld hawwe foar in kursus, dy't dan offisjeel net trochgean kin om't der te min dielnimmers binne. Ik wol se net teloarstelle en haw der och sa'n nocht oan. Ik moat dochs wat te dwaan hawwe en oan túnkjen en nifeljen ha 'k

gjin nocht. Mar ik bin ek net in man om efter de geraniums te sitten.”

Sûnt it winterskoft 1995-1996 jout Yntema njonken de Afûk-kursussen ek troch himsels opsette kursussen, de troch him neamde KOM-kursussen. KOM stiet foar Kursus Op Mjitte. ”Ik pas sa’n kursus oan by de winsken fan de dielnimmers: literatuer, lêze of skriuwe, krekt wat se wolle. KOM-kursussen haw ik jûn yn Bussum, Naarden en Huizen. Ik jou se noch altiten by de minsken oan hûs. De kursus yn Huizen rint al foar it fyfte jier. De minsken wolle net ophâlde en ik fyn it prachtich.”

In wichtich útgongspunt foar Jelle Yntema is in goede bân mei de kursisten. Ien fan de binende faktoaren wurdt foarme troch de saneamde ’skoallereiskes’ nei Fryslân, dêr’t er syn kursisten yn ’e kunde bringt mei de Fryske kultuer. Dy reiskes slane alle jierren geweldich oan by de dielnimmers.

Hoe komt Yntema yn Bussum en omkriten alle jierren, no al tweintich jier lang, mar wer oan kursisten? It antwurd is: in goeie p.r.! ”Ik skriuw altiten redaksjonele stikjes yn de streekblêden. It oankundigjen fan de kursussen doch ik yn it begjin fan de hjerst tagelyk mei it yn ’e parse bringen fan it nijs oer ús Fryske krite. Yn de gemeentegidsen fan Blaricum, Bussum, Huizen, Laren en Naarden is de krite opnommen yn de rubryk kul-

turele ferienings. Myn namme stiet dêrby. Ik wurd gauris skille troch minsken dy't fragen hawwe, bygelyks: wêr kin ik in kursus folgje? Fierder freegje se om fan alles wat mei it Frysk en Fryslân te krijen hat. Sa wurd ik bygelyks gauris skille om Fryske resepten. Soms freegje se om in Fryske flagge, om posters of oar materiaal, bygelyks as der yn in âldereintehûs in Fryske wike is. No en dan fiel ik my hjir krekt in ambassadeur foar Fryslân. Eins bin ik yn sa'n winterhealjier alle dagen mei it Frysk dwaande. Ik hie noait ferwachte, dat ik hjir yn it Westen safolle mei it Frysk oan 'e slach wêze soe."

Yn oparbeidzjen mei de krite makket Yntema al jierren reklame foar de Fryske kursussen. It kursus oanbod stiet altiten yn it kritebledsje en boppedat makket er struifolderkes. Syn kursisten komme net allinne út it Gooi, mar syn kursussen binne troch de jierren hinne ek fierderop bekend wurden. Sa kaam der ferline winter alle wiken in dielnimmer út Eindhoven en in troude stel út Leien. Fierder hie er de ôfrûne jierren kursisten út plakken as Almeare, Amsterdam, Haarlim, Hoofddorp en de Saanstreek.

Bekende kursisten hat er ek hân, bygelyks Alied Verdonk-Wumkes, de yn Bussum wenjende pakesizzer fan de ferneamde dr. G.A. Wumkes. Syn

lêste lanlik bekende kursist woe Geart Dales, de tsjintwurdige boargemaster fan Ljouwert. Hy wie wethâlder yn Amsterdam en doe't bekend waard dat er boargemaster fan de haadstêd fan Fryslân wurde soe, woe er Frysk leare. "De Afûk frege oft ik him les jaan woe. Ik haw kontakt mei him opnommen en him frege oft it ek in beswier wie, dat er by my oan hûs kaam. Dat woe er wol en ik ha him twa kear wyks, moarns fan 10 oant 12 oere, priveeles jûn. Hy wie tige motivearre en die och sa syn bêst. Doe't er yn Ljouwert kaam, koe er yn alle gefallen it Frysk bêst ferstean."

Nei tweintich jier hat Yntema noch syn nocht net fan it lesjaan yn it Frysk. "Ik hoopje der noch efkes mei troch te gean. De moaiste kursus fyn ik de leargong A. Dêr kinne jo as lesjouwer in soad yn kwyt. Dit jier wurd ik 75 en ik hâld op as skriuwer fan de krite. Mar mei it jaan fan kursussen hoopje ik noch in pear jier troch te gean, want it is prachtich wurk."

FAN GRUTTE EN LYTSE TSUNAMY

Yn 'Cursor', personielsblêd fan de universiteit yn Eindhoven, stie op 3 febrewaris in nijsgjirrich stikje oer de tsûnamy dy't ien fan de krystdagen Súdeast-Aazje yn 'e

rou dompele. It wie skreaun fan de âldheechlearaar yn de wiskunde, Sleutel.

<i>B.J. Postma</i>	<i>dat wol net? Op 'e</i>
<i>Tallen! Wiskundigen binne der sljocht nei. En oars as kran-telju dy't der net mei omgean kinne - LYTS FRISIA hat it mear as ien kear oer sokken hân - kinne wiskundigen alles útrekkenje, ek al begripe se yn lang net alle gefallen wát se berekkenje. Ik woe it yn dit stik net hawwe oer alle leed en pine fan faaks mear as in miljoen minsken dy't yn it lêst fan ferline jier yn Súdeast-Aazje en koartby yn Menaam neiste sibben en migen ferlern hawwe.</i>	<i>wrâld libje likernôch 6 miljard minsken. Trochi-noar rekkene, wurde se in 60 jier. Sadwaande ferstjerre rûchwei 100 miljoen fan harren yn it jier, sa'n 300 tûzen deis. Op 'e ûnheilsdei yn de Az-jatyske súdeasthoeke ferstoaren, rekkene oer de hiele wrâld, likernôch 600 tûzen minsken, foar 50 % slachtoffer fan de grutte tsûnamy.¹</i>
<i>Sa'n 300 tûzen en ien deaden, hoefolle binne</i>	<i>Lêstennachts haw ik dreamd fan in lytse tsûnamy yn de boom fan de Menamer feart. (Oan dy feart stiet it bestjoerssintrum fan de aldersuterichste gemeente yn ús lân.)</i>

¹Sleutel rekkene mei goed 200 tûzen deaden, "minder as de helte fan alle minsken dy't dy deis ferstoarn binne."

Fuort nei de earste grûntrilling kaam it wetter yn beweging. Yn it gefal fan de grutte broer rûn it seewetter like hurd alle kanten op en beweegde it sirkelfoarmige front mei in gong fan wol 800 kilometer yn 'e oere. Yn Menaam rûn it feartswetter stadich mar wis mei in smel front it doarp yn, hoeden de Black Horse mijend. Us tsûnamy like moai krekt te witten, wêr't er hinne soe en wa't er

hawwe moast: vader Jakob (Cats, de man fan "demokrasjy is it rjocht fan de sterkste") yn it sintrum fan de macht, dat is, it gemeentehûs. Doe't er syn oefte hie, rûn de wettergeast stil en tefreden werom nei de feart ta. Nimmien hat vader Jakob ea wer sjoen.

It waard wer frede yn de riedseale en hiele Menameradiel waard wer de aldermoaiste gemeente fan ús lân.²

²Yn 'De slach om Bitgummole' (LYTS FRISIA fan desimber 2004) wierre vader Jakob syn hiele, persoanlike, wearze yn Kening Durk (van der Schaaf) op it doarp Bitgummole út.

<p>In freonlik fersyk oan ús leden en lêzers om it lidmaatskipsjild (7,50 €) of it lêzersjild (5 euro) foar 2005 oer te meitsjen op giro 1069535 op namme fan SKATHALDER FAN DE JONGFRYSK MIENSKIP, Tj.H. Haismastrjitte 26, 9251 AV Burgum. Brûk by it oermeitsjen net de ôfkoarting JFM, want benammen RABO-bankrekkenhâlders krije dan gauris</p>	<p>berjocht, dat dy namme net by it gironûmer past en dat it jild dus net oermakke wurde kin. In fiks tal lêzers hat de bydrage foar 2005 yntusken oermakke en dêr binne wy wiis mei. Wy hoopje dat de oaren dat ynkoarten ek dwaan sille. Wa't yn augustus noch net betelle hat, fynt in strypke yn it septimbernûmer fan LYTS FRISIA.</p>
--	---